

# po@dium

## 2016

fan Bennie Huisman

Oer in wike as trije is it safier, dan stap ik op 'e fyts nei Berlyn. Wat nim ik mei & wat lit ik efter? Fragen, dy't sawol oer materiële as ynhâldlike saken gean - of om it wat moderner te sizzen: de *hardware* & de *software*.

Yn syn algemienens is der by my in grutte langst nei 'lichtens', mar omdat langsten altyd ûntstean út wat ûntbrekt soarget myn oanlis ta prakkesearjen & stinnerij der foar dat ik my geduerich de holle brek oer: 'hoe meitsje ik it licht...' Ik kin ûnderweis foar in pear sinten alle dagen in skjinne ûnderbroek & T-shirt keapje en de smoarge fuortsmite, mar dêr sitte *Umwelt*-ynhâldlik te folle beswieren oan. Ik mei dan fan God losrekke wêze, de âlde 'griffemearde' ynslach is net fuort.

Alle dagen wurde my yn materiële sin snoadichheden en gadgets foarset dêr't ik dan spontaan fan tink: hé, dat koe ûnderweis noch wolris hândich wêze, as ik dêr no wat jild yn stek ha 'k der nei de reis ek profyt fan...ensfh. Om alle ferlokkings treast te wêzen ha 'k no besletten: ik nim mei wat ik al ha en dêr doch ik it mei. It goede gefoel dêr oer waard noch fersterke doe 't ik op it folgjende ferhaal stuitte:





Gerard Monnik wie yn 1936 in wurkleaze ûnderwizer, opgroeid mei in heit dy't ferhalenferteller wie (neist molkboer) en ien fan syn ferhalen gie oer 2 jonge manlju dy't op 'e fyts de wide wrâld yn trokken. Oanstutsen troch dizze ferhalen socht & fûn soan Gerard in maat (Toon Damsterhuis). Tegearre setten se ôf nei 'Palestina', dwers troch Jeropa. Op de foto lofts steane de beide mannen klear om ôf te reizgjen. (Foar it hiele ferhaal: <http://www.wieiswieinoverijssel.nl/zoekresultaten/p2/143> )

Op de foto der neist stiet myn fyts mei bepakking. *Sykje de ferskillen.* Yn it earste plak: de fyts. Harren fytsen soenen o sa gaadlik west ha foar in reiske nei Berlyn. Deeglik, mar sûnder fersnellings, en wat harren wachtte wienen feninige bergen op de Balkan en yn Turkije. Myn fyts -24 fersnellings- kin sels de Alpen wol oan. Harren bagaazje sit achterop, it measte is tinte & oar kampear-ark. By Damsterhuis sjogge we reservebannen der tsjinoan bûn, want de kâns om soks op 'e Balkan te besetten wie tige lyts. Ofsjoen fan it feit dat ik anti-lek-bannen ha, dêr't eins selden problemen mei binne, én faak moaie fytspaden tref - alle ûnderdelen fan myn fyts binne ûnderweis te finen of te bestellen.

Sliepe doch ik ûnderweis yn B & B's - al dan net 'Air'. Dat, kampearspul ha 'k net mei. Wat sit der dan allegear yn dy twa read-swarte fytstassen? (Gjin Ortlieb, mar Lidl, twaddehânskes). Klean & skuon fansels, toiletspul, mar ek: elektroanika. Gerard & Toon - in fotograaf - dienen ferslach yn kranten en hienen skriuw-ark mei & in mânske kamera mei statyf. Ik nim in âld notebookje mei om ûnderweis ferslach te dwaan op myn site en om rûnom op it 'worldwide' web te kinnen. Dêrneist in kamera & in simpele telefoan. Al dy funksjes kinne yn ien smartphone of tablet, mar ik ha it sa leaver. Want dit ha 'k allegearre al.

Boppenop dy fytstassen sit, betreklik feilich ynpakt yn in dikke & hooplik wettertichte pûde, myn lytse kammeraad foar ûnderweis: in akkordeon. In lytse 'Italjaan', dy't harket nei de namme *Settimio Soprani*. 32 bassen, licht & sjongsum en nei myn ynskatting tusken de 50 en 60 jier âld. Dêr hoopje ik dan ûnderweis wat muzyk mei te meitsjen. Ek in kompakt MP-3 opnim-apparaatsje giet mei. (Dan kinne myn biografen letter noch de 'ûnderweis-tapes' brûke...)

De beide mannen belibben 80 jier lyn hiel wat aventoeren. Gerard Monnink makke dêrnei allinne ek noch ferfolchreizen troch Egypte en Noard Afrika. En omt er fan syn heit it fertellersbloed trochkrigen hie gie hy der letter op út om rûnom oer syn aventoeren te fertellen. Hy helle dêr sels in ynkommen út.

Yn it jier foar't er weirekke wie er noch gast by Spijkerman. Op [dit](#) Youtube-filmke is te sjen hoe't er elk sjarmeert en de talkhost klauwen hat om de ferhalenstream yn de stokken fan syn stringe format te hâlden.



Nei it lêzen fan al dy aventoeren komt as fansels de fraach boppe: hoefolle aventoer is der noch te belibjen tusken Fryslân & Berlyn, op in fan alle gemakken foarsjoen fytstripke troch in part fan Jeropa dêr't alles aardich oanfage is, oer paden en troch plakken, dêr't ik wierskynlik net in hooligan of Neo-nazi tsjinkomme sil en dêr't de bloedige skiednis fan de paken en beppen kreas dokumintearde syn plakje krigen hat yn musea & Denkmale.

Mar is it slim, dat it op foarhân net alte folle nei aventoeren rûkt, dat it der yn sitte kin dat ik nei ôfrin sizze moat: it wie de muoite wurdich, moaie krite en dingen sjoen, aardige minsken moete, nijsgjirrige petearen fierd, pear kear moai songen & spile, mar dat alles hie 'k hjir yn Fryslân ek belibje kind of op hokker fakânsje ek. En dat ik dan tsjin mysels sizze moat: dit wie in aardige tiidspassearring foar de âlder wurdende man, mar it is it skriuwen & fertellen amper wurdich... En is dat dan slim?

Goethe die in reis nei Italië en Rilke nei Ruslân,  
 En as in oar minske kamen hja werom.  
 Ik haw op myn âlde dei nei Harns ta west;  
 In oar minske koe ik net wurde, mar ik haw stien op it heechste fan 'e bolwerkstûn -  
 In jonge matroas siet op in bank en twa âlde kapteins kuijeren it paadsje lâns.  
 Djip seach ik del op 'e skippen yn 'e stêdsgrêft en de beammen fan 'e bûtensingel;  
 Ik rûkte de tarlucht en wol eat fan 'e see - en alheel deselde bin ik net bleaun.  
 ....

Achterôf sil ik net folle muoite ha om soks te relativearjen, de segeningen te tellen en fleurich nije plannen te meitsjen, want ik bin no ienris in optimistyske stinner. Mar sa yn it sicht fan in 'reis yn it ûnbekinde' wit ik út ûnderfining dat ûnderweis wêze altyd in aventoer fan de geast is. Mar dy geast is net altyd 'frij'. Net frij fan ferline en net frij fan myn werklikheden en prakkesaasjes fan al-den-dei. Dy wolle gewoan meireizgje, ek al ha 'k se net ynpakt.

Hawar, ik kin my foarôf fan alles foarstelle en dat doch ik fansels ek, dat is diel fan it 'spul'. Mar ik wit ek: *It komt dochs altyd allegearre oars...*

*Ta beslút: Yn 'e foarige Po@dium ha 'k fiske nei it ferlet fan in oersetting yn it Nederlâns, neist de Fryske ferzy. Foar de measte lêzers hoecht dat net, mar in pear hawwe - om útienrinnende redenen - oanjûn dat op priis te stellen. Op dit stuit sit dat der net yn, mar yn de simmermoanen - as ik wat mear tiid hoopje te hawwen - sil ik opnij sjen hoe't it útsprutsen ferlet en myn tiid harren ta inoar ferhâlde.*